

Arjen Veltman en Nanne Wagenaar yn petear.

"Krekt foar de oarloch leine de omstannichheden der sa hinne, dat der feroaring komme moast.

Der waard doe foartiid al in bytsje propaganda makke út Dútslân wei. It wie dêr sa en sa fansels, de lju dêr wiene sa wolsteld. Mar se hiene te min romte, dat se moasten útwreidzje. De massa leaude it dêr, se waarden opswypke troch alles hinne.

In stikmannich grutte mannen oan it roer. Hitler hiet dêr de man te wêzen. Ik kin no al dy nammen net mear. Doe koene wy se al sawat en oars binne wy dat yn'e oarloch wol wyswurden.

Hjir wiene net folle, dy't leauden dat der feroaring komme moast en soe. Wy seagen it swerk wol driuwen, want se (de nasjonaal sosjalisten) wiene al yn't begjin daliks oan it moardzjen slein. Dy't dêr syn gewisse sprekke liet, dy't goed ynseach dat it ferkeard komme soe, dy waard opromme om der nea wer fan te hearen. Dat wie it begjin en doe gie it der op los. It gie as it spoar fansels, earst de oare kant út. De belofte wie, se soene Nederlân net oanfalle, mar evensagoed doe't se tochten dat se de hiele wrâld wol feroarje koene, doe't se ús wol brûke koene, wiene der gjin grinzen mear. Ja, doe hawwe wy ek de minsken kennen leard, wat der yn ús folk siet oan goeden en kweaden. Guon dy't och sa meiwurken mei de Dútsers en wêr't je wol fertrouwen yn hân hiene, mar dat doe weifoel".

Hoe begûn no de oarloch foar in Marrumer?

In koart relaas fan Nanne Wagenaar.

"Ik wit noch krekt it begjin, dat ik it wyswaard. Dat hawwe jo (Veltman) my ferteld. Ik wie doe op ús heit syn hoekje lân en jo gongen de reed del nei de "Koarte trije" ta. Sa't jo by my lâns rûnen seine jo my dat it oarloch wurden wie.

It wie de moarns al betiid begûn, mar ik wist it doe noch net. Yn it earst like it wol as soe alles wat itselde bliuwe; der barden net sokke rare dingen.

De earste dei dat wy der echt mei yn oanrekking kamen, wie, dat wy nei Ljouwert ta moasten om in persoansbewiis. Dêr sieten in pear Dútsers mei de learzens oan.

Foar myn gefoel wiene it hiele gefaarlike manlju.

Ik wie sa bang as wat. Sa ferrûn it earste jier.

It skarrele hjir noch wol sa'n bytsje troch.

Wy hiene wol yn'e gaten hoe't it allegearre komme koe, mar't wie krekt as gong it net sa raar.

Dêrnei gong it yn alle heovichheid oan. Guon minsken waarden oppakt en sa. Ja doe moasten se minsken brûke. Foar jonges dy't de leeftyd fan sa'n 18, 19 jier berikten, waard it doe hiel gefaarlik. Foaral fansels as je it dan ek noch in bytsje yn'e kant setten. Ik kaam ris fan Hallum. Dêr plakten se plakaten op'e beammen: "V is Victorie; Duitsland wint op alle fronten". By de plakkers wie in foar my bekende Marrumer, dat ik waard sa liik as in spin. Ik koe't net ferneare, dat ik skuorde se der wer ôf.

In lyts skoftsje letter, der wiene se. Twa oerfalweinen foar de doar. Ik wie te Hallum signalearre wurden. Us heit en mem seine: "Hy is hjir net".

Want jo (Veltman) hiene ús foarôf warskôge. Wat my noch altyd ferwûndert is de hannelwize fan plysjeman M.

Der gie in minder goede rop oer dy man, mar doe hat hy in "helder ogenblik" hân. Us pake, dêr't ik nei neamd wie, libbe doe al net mear. Beppe wol, hja wenne noch yn'e buorren. Yn elts gefal, dy plysjeman brocht de Dútsers mei de oerfalweinen earst nei it hûs fan ús pake en beppe. Dat joech Veltman blykber safolle tiid dat hy ús der noch útslaan koe. Sadwaande koe'k mei noch in pear oaren fuortkomme, it fjild yn".

Dan ferfolgje wy no it relaas fan Arjen Veltman oer de soargen om it deistich bestean:

"Sa stadichoan begûn it te knipen. It bakkersguod, de tekstyl, de tabak, it fleis, ensfh. Alles kaam op de bon. Mar dan wie der ek de feedokter Joh. Feddema. Dy man gie der fanút: "Nederland voedt zichzelf". As der dan in ko wie dêr't net al te folle oan mankearde, dan sei hy: "Moat mar foar de needslaching, dan hawwe wy wer wat".

Eltsenien yn it doarp hie in nûmer. Wie der dan fleis dan waard dat neffens dy nûmers ferdield. Sa sieten wy ek wol op'e rûpelbank weet te rûpeljen. Wy wennen yn'e buorren, dat it koe net mei de kneppel, want dan klonk it it hiele doarp troch. Sa sieten wy dan te rûpeljen mei de doarren ticht. Dan koe der net ien by ús komme. Wie der wer wat weet dan gyngen wy dermei nei de mealderij. Bygelyks nei Lammert Grijpstra, doe mûnder op d' Ald Syl. Hoogland te Ferwert hie noch elektryske mealderij, dêr koene je ek terjochte. Mar de weet moast net al te stram wêze, want dan woe it net mealle.

Je moasten je yn dy tiid oan in bouplan hâlde, wat foar dat jier opjûn wie. Der waard statistyk hâlden fan wat it ien en oar oplevere. De iene kear wie dat krap, de oare kear wie der wat oer foar jesels. Of je hâlden wat efterút.

Wy woene eltsenien wol gerive, mar ja dat koe net, je moasten wat yn'e streek bliuwe. As der bygelyks teske waard, dan kaam der in kloft folk fan Ljouwert ôf. De iene wie by it spoar, de oare by de P.T.T. Mar yn alle gefallen kaam it der op del dat se hast allegearre wol in stik as tsien bern hiene.

Sa wie der ek immen dy brocht weet nei Den Haach. De lju dêr, hiene it gâns minder as wy hjir yn Marrum. Dy minsken ferrekten, dat dêr hâlden jo dan wol rekken mei. Dy lju hoegden it net te beteljen; mar der waard ek in soad misbrûk fan harren makke troch de swart-hannelers.

Der waard fansels ek noch wolris wat slachte sa hjir en dêr. Wy wiene sa gelokkich en koene sels noch in baarch meste en fierders kochten wy sa inkeld wolris wat swart, hear. Sels haw ik net oan'e slachterij dien. Wol hawwe se my twa skiep ûntstellen. Ik leau, dat ik ek wit wa't it dien hawwe. Ik bin der nooit efteroan gien. Letter nei de oarloch moast der groeven wurde by in transformatorhokje yn in tún. Der kamen doe gâns skieppekoppen foar it ljocht, dat sadwaande.

It missen fan de skiep hat gjin swierrichheden oplevere. It fee moast doedestiids te boek steld wurde en by de kommiis opjûn wurde. Dy man hâlde my letter oan, nei't ik myn papieren ynlevere hie. Hy sei: "Veltman, ik kan er niet útkomme met die skapen". Ik sei: "Dan binne jo krekt safier as ik. Se binne my ûntstellen".

No wiene der wol mear dy't seine dat harren ek skiep ûntstellen wienen. Se joegen dat oan en doe in plysjeman der hinne. De man kaam ta de doar yn en it rûkte fan fierren. Hja wiene oan't skiepfleis brieden.

De plysjeman nei't fjoer ta en hy tilde it lid fan'e panne op. Doe wie de moard út.

Al hoe goochem se oars ek wiene, dit hiene se ferkeard oanlein.

Sa hat it ris west, dat wy yn'e skearwinkel sieten.

Der kaam ek in Dútske soldaat yn't fermidden.

Hy moast skeard wurde. Ik wie oan bar, mar hy sei: "Ik heb dienst" koe ik wol begripe. Ik sei, dat ik ek "dienst" hie. No, wat ik dan moast. Tja, melke en sokssawat. Alde Zijlstra, de help fan'e skearbaas, dy tocht: "Wat sille wy hjir belibje". Hy trille as in wetterrôt. Hy hat it net raar dien, hear, dy soldaat. Nee, der barde neat.

Wy hawwe fierder alhiel gjin muoite mei de Dútsers hân. Wy hiene ek hielendal gjin gemienskip mei harren fansels.

Fan ien ding stean ik noch altiten fersteld.

Anne Andrae, dy hie dêr joaden en de frou fan dy joad arbeide oan'e Hallumerdyk, by de Dútske kommandant.

Dy man moast wol witte dat hja in joadinne wie. Kamen der dan hegere ofsieren, dan moast hja út'e wei; wiene dy wer fuort, dan koe hja har gong wer gean. Men stiet der fersteld fan, want oars wie't in kring, dy man. Dit is net in ferteltsje, mar it is foar hûndert persint wier.

No wiene der mear goede Dútsers. Der wie ek in soldaat yn'e pastorij - hy hiet Willy - dy warskôge as der in razzia hâlden wurde soe. Hy hong dan it ien of oar oer de hage. Dy't der dan lâns fytste wist: jonge bazen en ûnderdûkers moatte út'e wei of it fjild yn. Dochs rekken der wol jonges en manlju nei Dútslân ta en waarden der oan't wurk set. Guon kamen slim siik werom, omdat se besmet wiene mei tbc.

Dat wiene manlju dy't by it fee en yn'e stâlen arbeidzje moasten. Yn Dútslân wie dat sa feilich net as hjir. By ús waard it fee al spuite en druppele tsjin de tbc. Dêr wie gauris in bist mei tbc en de jonges dronken de molke, omdat se der ferlet fan hiene.

Wy hawwe ek twa evakuees hân, jonge bazen. Yn jannewaris kamen se, út Arnhem wei, mei 't skip te Hallum oan. Sûne jonges, mar úthongere. Biten en fan alles hiene se iten. Doe hawwe wy in barchje slachte. Je stiene der fersteld fan hoe't dy stumpers ite koenen. It hat lang duorre foar se wer op't foer sieten. Beide manlju wiene roomsk-katolyk, lykas in protte evakuees út dy tiid. Paters en prysters hiene sein, se giene de ferkearde hoeke yn; hjir sieten ommers mar in pear katoliken. Dizze jonges seine op it lêst, dat se nea tocht hiene dat hjir yn Fryslân sokke goede minsken wennen.

Sa no en dan kaam der in pater yn't kafee. Dan moasten de manlju der hinne om te bychtsjen fansels. Dat wie somtiden ek wol nedich, want de iene hie de oare wolris in pripke jûn mei it ierappelskilersmeske.

Sa passearren der yn dy jierren gâns saken, moaie en minder moaie. Ik tink noch oan in ferske fan foar de oarloch. Dat gie sa:

"Jan gapt van Piet en Piet van Jan,
en je snapt er toch geen bliksem van".

Sa wie't doe yn'e oarloch ek. Der waard stellen út ynklauwerigens, mar ek út need, omdat men oars bygelyks it iten net noch krije koe. Somtiden hiene je de yndruk, dat der in soad minne minsken wienen. Mar it goede - dat de iene de oare help - hie fier de boppehân. Lokkich wol ja. Dochs hawwe wy doe in soad minskekennis opdien".